

In alle eenvoud

In alle eenvoud zijn we hier bij elkaar
in deze oude kerk
waar woorden worden gesproken
van gerechtigheid en vrede
en we onze zorgen om de wereld delen.

In alle eenvoud zijn we hier bij elkaar
in deze mooie kerk
waar woorden worden gesproken
van barmhartigheid en troost
en we onze harten openen voor onze naaste.

In alle eenvoud zijn we hier bij elkaar
in deze levende kerk
waar woorden worden gesproken
van zuiverheid en arm van geest
en we mogen zijn zoals we bedoeld zijn.

(Tekst die elke week gebruikt wordt bij 'Vieren en Vasten')

Ekstra Nijsbrief Kleastergemeente Westerwert en Nijkleaster

Bêste minsken,

Yn ferbân mei it Corona-firus sille Westerwert en Nijkleaster gjin aktiviteiten organisearje oant 1 april. Dêrnei sjogge wy wer hoe't it derhinne leit.

Dus:

- Gjin *tsjerketsjinsten* op snein 15 en 29 maart
- Gjin *kleastermoarn* op woansdei 18 en 25 maart
- Gjin *Vieren en Vasten* op tongersdei 19 en 26 maart

Mar der binne ek in pear oare saken dy't wól trochrinne. Dy steane op de folgjende side.

Mei de hertlike groetnis fan de teams fan Westerwert en Nijkleaster

Fierdere meidielings:

1. ds. Hinne Wagenaar sil gjin minsken besykje. Hy wol gjin rûnbringer fan it firus wurde. Mar hy komt op fersyk graach del. Dan efkes belje: 058-2550998 (dit jildt ek foar Nij Dekema)
2. Fanôf moandei 16 maart stiet de tsjerke fan Jorwert elke dei iepen (09.30-16.00 oere) foar persoanlike stilte en besinning. Middeis fan 14.00 – 16.00 oere is immen fan Westerwert/Nijkleaster yn tsjerke beskikber foar minsken dy't efkes prate wolle.
3. Wy wiene fan doel om op snein 15 maart de folgjende meidieling te dwaan. Omdat der snein gjin tsjerketsjinst is, dogge wy it sa:

De tsjerkeried fan Westerwert stelt út om gemeentelid Gea van Wieren te kiezen as âlderling yn de gemeente. Mochten hjir beswieren tsjin wêze, dan kin dat melden wurde by skriba Jeltje Koopman (058-2519362 / jeltjekoopman@planet.nl) Mochten der gjin beswieren wêze, dan hoopje wy har ta âlderling te befêstigjen op Peaskesnein 12 april (yn de twadde tsjinst om 09.30 oere). Wy hoopje teminsten dat wy dan wer nei tsjerke kinne.

4. Kommende snein 15 maart is der in spesjaal momint op TV omdat in soad minsken net nei tsjerke ta kinne. Skriba Rene de Reuver (skiba fan ús lanlike PKN tsjerke) sil in meditaasje útsprekke:

zondag 15 maart: NPO2, 09.20 uur

5. Snein 15 maart is op Radio Fryslân in reportaazje mei Henk Kroes te beharkjen oer de ACTIE WESTERHUS yn Buro de Vries. Sjoch foar de aksje fierder op: <https://nijkleaster.frl/actiewesterhus/>

Snein 15 maart: Omrop Fryslân, Buro de Vries, 11.00 – 12.00 oere